

Fragen FNP

1. beliedsplan. Hoe soarget it kolleezje derfoar dat it Frysk dêryn in dúdlik eigen plak hâldt en net ferdwynt yn it bredere kultuerbelied?

It kolleezje kiest der bewust foar dat it Frysk in selsstannige en sichtbere posysje hâldt binnen it yntegraal belied. It wurdt dus net opnommen yn algemien kultuerbelied, mar krijt in eigen trochwerking yn doelen en maatregels.

Tagelyk wurdt de krêft socht yn ferbining: dêr't it kin, wurdt it Frysk keppele oan kultuer, erfgoed en de sosjale basis.

2. Yn de startnotysje wurdt it praktysk gebrûk fan it Frysk neamd. Kin it kolleezje oanjaan wat dêr konkreet mei bedoeld wurdt?

It giet hjir om in ferskowing fan beskerming nei aktyf gebrûk yn it deistich libben.

Konkreet betsjut dat:

- *sichtber Frysk yn gemeentlike kommunikaasje en romte*
- *aktyf brûken yn ûnderwiis en ferienings*
- *ynset fan Frysk as middel foar meidwaan en ferbining*
- *It Frysk wurdt dus net allinnich bewarre, mar ek brûkt en stimulearre.*

3. Yn de startnotysje stiet dat der foar erfgoed noch gjin gemeentlik beliedsramt is en dat erfgoed sichtber en beleefber makke wurde moat. Tagelyk giet it finansjele part by erfgoed foaral oer monumintesoarch. Kin it kolleezje oanjaan oft it nije erfgoedbelied breder wurdt as allinnich monuminten en hoe dit har ferhâld tot de Erfgoednota dy't yn oktober op de planning stiet?

It nije belied set yn op in brede erfgoedfyzje:

- *fysyk erfgoed (monuminten, lânskip)*
- *mar ek immaterieel erfgoed, ferhalen en beleving*

De erfgoednota yn oktober rjochtet him primêr op it romtlike en juridyske kader, wylst dit belied út it sosjaal domein wei de betsjutting en beleving fan erfgoed sintraal set.

De útwurking fan de gearhing tusken beide spoaren folget noch.

4. By erfgoed is foar monumintesoarch € 90.804 reservearre. Dêrfan is mar € 1.600 bedoeld foar ûnderhâld fan gemeentlike monuminten, wylst € 77.214 giet nei bydragen oan monuminteorganisaasjes. Kin it kolleezje útlizze hoe't dy ferdieling ta stân kommen is en oft € 1.600 genôch is foar it ûnderhâld fan gemeentlike monuminten?

De hjoeddeiske ferdieling is foaral histoarysk ferklearber:

- *grut part gie nei eksterne organisaasjes dy't earder it behear dienen*
- *dy situaasje is no feroare; de gemeente is sels ferantwurdlik*

De € 1.600 dekt allinnich in lyts part fan it besteande eigendom en is gjin realistysk byld fan de takomstige needsaak.

Wy sitte hjir dúdlik yn in oergongsfaze dêr't budzjet en ferantwurdlikheden noch net op elkoar oanslute.

5. De startnotysje seit dat de mienskip gjin doelgroep is, mar partner. Hoe wurdt dat yn de praktyk dien? Krije sy echt ynfloed op de ynhâld fan it beliedsplan of wurde se foaral rieplachte?

De mienskip wurdt net allinnich rieplachte, mar aktyf belutsen yn it hiele proses:

- *ynformaasje-opheljen (doarpetoer, fragenlisten)*
- *meitinken yn ûntwikkeling fan belied*
- *meidwaan yn útfiering*

Ek it útfieringsprogramma wurdt gear mei partners opsteld. Dat ûnderstreket dat it giet om meipartnerskip, net allinnich ynspraak.

6. Fan 2029 ôf falt it kultuersubsydzjebudzjet werom fan € 110.000 nei € 60.000. Wat betsjut dat foar de ambysjes út dit nije belied?

De delgong wurdt feroarsake troch it fuortfallen fan ynsidintele middels.

Dat betsjut:

- *struktureel minder romte (€ 60.000)*
- *ambysjes moatte dêrby passe*

As yn de útwurking bliken docht dat mear nedich is, komt it kolleezje dêr mei in apart foarstel foar nei de ried.

7. Yn de startnotysje stiet dat de Omjouwingswet freget om mear gearhing tusken kultuer, taal en erfgoed en om in sterkere ferbining mei romtlike karren. Hoe wurdt derfoar soarge dat erfgoed ek echt meinaam wurdt by romtlike besluten?

Om erfgoed better mei te nimmen yn romtlike besluten wurdt:

- *oansletten by de systematyk fan de Omjouwingswet*
- *wurke mei in tematysk omjouwingsprogramma*
- *Team Omjouwing yn de lead set*

Sa wurdt erfgoed struktureel ynbêde yn romtlike ôfwegingen ynstee fan los belied.

Fragen PRO

1. Tot nu toe was de cultuurnota 2021 leidend voor het cultuurbeleid van onze gemeente. Is deze cultuurnota geëvalueerd en zo ja, heeft dit geleid tot punten die moeten worden meegenomen in het nieuw op te stellen beleid? Zo nee, waarom heeft geen evaluatie plaatsgevonden?

Der is bewust foar keazen om de evaluaasje net los út te fieren, mar direkt te ferbinen oan it nije belied.

Dat makket it mooglik om:

- *lessen út de âlde situaasje*
- *fuortendaliks te fertalen nei nije prioriteiten*

De evaluaasje fan sawol de cultuurnota as de taalnota wurdt dus yntegraal meinommen.

2. In de startnotitie wordt ons bibliotheekwerk niet genoemd, terwijl het bibliotheekwerk integraal onderdeel uitmaakte van de cultuurnota 2021. Ook financieel gezien is het bibliotheekwerk verreweg de grootste component. Waarom wordt het bibliotheekwerk niet genoemd in de startnotitie?

It biblioteekwurk is net apart neamd, om't de startnotysje bewust op haadlinen opsteld is.

Ynhâldlik stiet it biblioteekwurk stevich:

- *it spilet in grutte rol yn taal, meidwaan en de sosjale basis*

Yn it útwurke beliedsplan wurdt dit ûnderwerp dêrom folweardich en eksplisyt opnommen.